

Opw 585

1

Der komt in dei,
dêr't alle wrâld op wachte hat,
in dei fan blydskip:
de hiele skepping wurdt befrijd.
En op dy dei,
dan komt de Heare om syn breid
en wy feroarje
yn in eachwink op dat stuit.

2

Klinkt de trompet,
dan sil wa't dea wie út syn grêf
mei gloarje opstean
om ivich libben oan te gean.
Us swakke liif
wurdt dan beklaaid mei ivichheid,
yn de oerwinning
is de dea foargoed ferdwûn.

Refrein:

Wy sill' Him temjitte gean
en foar altyd op Him lykje,
as wy Him sjogge lykas Er is,
amen!
Noait mear triennen, noait mear sear,
as wy yn syn neite binne
en libje yn syn hearlikheid,
amen, amen!

3

De blik omheech
en sjoch nei wat ferburgen is,
it is de wierheid
foar no en alle ivichheid.
It sear fan hjoed,
in setsje noch, dan is it oer,
mar it bewurket
in gloarje dy't foar ivich is

Refrein:

Wy sill' Him temjitte gean
en foar altyd op Him lykje,
as wy Him sjogge lykas Er is,
amen!
Noait mear triennen, noait mear sear,

as wy yn syn neite binne
en libje yn syn hearlikheid,
amen, amen, amen!

tekst en meldij Nathan Fellingham – ‘There is a day’
oersetting David de Jong